

# INGEZONDEN

(Buiten verantwoordelijkheid der Redactie)

F  
S  
S

*Frisia 4-8-1939*

## „GRONDAAM”.

Ya 't Riedsforlach fen 20 July wirdt de namme „Grondaam” noch alris neamd. En as ik dêr nou hwet oer skriuw, den doch ik dat mei itselde doel, as do't ik it oer de hofsgrêft hie, n.l. om, sa mogelik, de goede namme yn eare to hâlden en de lettere útfynsels oan 'e kart to krijen.

Yn ús jongestiid neamde men dy feart de *Groundaem*. Men scoe sa sizze den moast dat yn 't Hollânsk *Gronddam* wêze. Letter skreau men fen *Grondam*, *Groendam*, *Groedam*, *Groedaan*. It scoe net ûnmogelik wêze det lânmieters en notarissen, det yndertiid al folle stêdjue wierne, op 'e klank ôf, dat yn 't Hollânsk mar hwet fen makken, dat hjarren it gaedlikst foarkaem.

Ik haw, om der ris hwet mear fen gewaer to wirden, in set forlyn ris oer skreauan oan de hear P. Sipma, lektor yn 't Frysk oan 'e Hege Skoalle to Grins, dy't fen it úntstean en de bitsjutting fen plaknammen ensfh. studzie makke hat.

Hy skriuwt fen *Groundaem* it folgjende : „*Groundaem*, *Groe(d)daem*. De twade foarm is de krekte, de earste is in folksetymologyske foroaring, dy't opkommen is, do't de oare net mear forstien waerd. De wirden *Grou*, *Grove*, *Groe*, *Groede*, *Groede*, alle gearre út „*groe*“ úntstien, bitsjutte : „*nijlân*“, „*nij oanspield lân*“, „*oangroeid lân*“. Se binne ôflaet fen „*groeije*“ lyk as ek : greide, greed, grie. De namme wirdt oerbrocht op it doarp (*Grou*), ef it wetter (*Rjuchte* en *Kromme Grou*), op in sate, in poel, in polder, ensf. Yn „*Groe(d)daem*“ moat *Groe* ef *Groed* „wetter“ bitsjut hawwe, de namme

is dus tige dûdlik”.

Ek Dr. S. van Dorssen skreau my : „Het moet zijn in 't Friesch „*Groedaem*“, in 't Hollandsch „*Groedam*“.

En, nou 't ik it dochs oer dy âlde nammen ha, wol ik *Dûtslân* der ek mar byhelje. Yn 1926 hat Dr. v. D. yn „*Frisia*“ in rige stikken set oer „oud Grouw“ en dêrût helje ik oan : „It úntstean fen de namme *Dûtsklân* lit him net sa maklik forklearje. Dy hat fensels neat to meitsjen mei it Dûtske Ryk.

Ut âlde stikken blykt det de namme Duitsel of Duitschland der al yn foarkaem.

„De *ynbuyren duytsland*“ sa wirdt *Dûtslân* neamd yn in stik fen 1696. „*Ynbuyren*“ is neat oars as in *bûrren* (*buurt*) yn it doarp. It earst hat Dr. v. D. de namme oantreffen yn in keapakte fen 1643 „tot Grou in Duytsland“ en fierders yn ien fen 1671 : „in den dorpe Grou, in 't Quartier van Duytsland genaemt“. De namme is fenselsolle âlder, seit de skriuwer.

It wol him wol oan hwet Johan Winkler dêr fen seit yn syn bikende *Nammelyst*, dat *Dûtslan* it lân wier dat tabiheard hat oan in man dy Doede ef Dodo hijtte en sa *Doedeslân* ef *Doedslân* neamd waerd.

Dit komt de hear Sipma ek as mogelik foar, al scoe men sa sizze, seit dy, det den de oe klank bihâlden wêze scoe. Mar ek hijir kin de folksmûle, faeks wol út koartswiligens u, (*Dûtsk-)*lân fen makke hawwe.

Oannimmelik is it dos det *Dûtslân* ôfkomstig is fen *Doedes-* ef *Doedslân*.

Grou.

J.M. NIEUWENHUIS.